



Motie ex artikel 36 Reglement van Orde voor de vergadering van de gemeenteraad van Heerenveen

Van : FNP, Ate Eijer

Aan : De foarsitter fan de ried

Agendapunt : 3, thema 3 Wonen en Leven

Onderwerp : Undersyk nei Tunnel foar autoferkear by it stasjon

Datum raadsvergadering : 8 november 2018

Oerwagende dat:

- Der gjin rânnewei rûnom it sintrum fan It Hearrenfean is;
- Dat de druk op de besteande wegen en strjitten yn it sintrum hieltiten grutter wurd;
- De Van Dekamalaan en de Compagnonsstraat brûkt wurde troch slûpferkear;
- Der klachten binne oer it ferkear yn de K.R. Poststrjitte;
- Der foar fytzers in tunnel is fan ôf de Trambrêge/Trambaan nei de Haskeruitgang;

Stelt fêst dat:

- it GVVP (gemeentlik Ferkears en Ferfersplan), dat foarich jier troch de ried fêststelt is, liede moat ta in gearhingjend en útfieringsrjochte ferkears- en ferfersbelied dat moat soargje foar in feilige, duorsume en flotte ôfwikking fan it ferkear;
- yn de begrutting foar de kommende fjouwer jier struktureel jierliks 150.000 euro reservearre wurdt foar de útfiering fan it gemeentlik ferkears en ferfersplan (GVVP);
- dizze 150.000 euro per jier bynamme bedoelt is foar ûndersyk;

Draacht it kolleezje op:

- Om yn 2019 yn it ûndersyk nei in feilige, duorsume en flotte ôfwikking fan it ferkear rûnom it sintrum ek te sjen oft de oanlis fan in tunnel foar autoferkear tusken de Trambaan en de Haskerútgong bydraacht oan in feilige, duorsume en flotte ôfwikking fan it ferkear rûnom it sintrum en hjirfoar de logistike en finansjele mooglikheden en ûnmooglikheden yn kaart te bringen.

Ingediend door: FNP, SP, GBH, D66

Deze motie is: Aangenomen Verworpen Ingetrokken

Stemverhouding: Fractie(s) voor: _____ Fractie(s) tegen: _____

Handtekening griffier: